

## ferhaal

### De man mei twa gesichten

Tamme leit de skeppe del, komt oerein en faget mei in smoarge lape it swit fan 'e holle. 'Blinder, hoe hawwe dy Harnzers dit oait betinke kinnen? Wenje op in plak mei sokke swiere klaai?'

Syn maat Sipke wol it net hearre.

'Tamme, trochwurkje, idioat! De rotmaster sjocht alles!'

'Lit him. Ik haw noch leaver in pear stokslagen as dit gewrot. Dan kin ik de rêch teminsten eefkes rjocht hâlde.'

Stoer praat fan de jonge Dokkumer, mar dat is syn freon wol wend. Se wurkje no al tsien wiken oan de nije dyk dy't it wetter fan de see tsjinhâlde moat. En al tsien wike moat er it foeterjen fan Tamme oanhearre. Somtiden kin er wol laitsje om syn maat, mar hjoed beslist net. Dêr is it dizze junydei te hyt foar.

'Ast net skeppe wolst, dan pakst dy kroade mar.'

Tamme kreunt. De dyk hat de hichte fan tolve foet al berikt.

No moat de krún allinnich noch breder wurde. Mei de kroade by dy helling op is noch swierder as skeppen.

Frijwilligers binne se net. Mar as wurkleaze tweintigers, beide sûnder thúshús, binne se bliid dat se noch wat fertsjinje kinne. En earlik sein befalt it hurde wurk Sipke wol. Sa wie it ek op de pleats fan syn heit, foardat de Alderheljenflood kaam, foardat de weagen alles fuortspielden, foardat heit... Nee, better net oan dy dingen tinke, hâldt Sipke him foar. Skeppe, net tinke. Skeppe.

It wurk is yn elts gefal better as de lange dagen yn it earmhús yn Ljouwert, dêr't Sipke yn dy ellindige winter fan 1570 bedarre. Dêr hat er Tamme ek moete. Dy kaam letter binnen, oardel jier ferlyn. Tamme wie der min oan ta. Hast alle dagen krige de balstjurrige Fries op 'e hûd fan de master. Hy wie poerlik dy dagen. Lilk op 'e wrâld. En hy hie der alle rjocht ta. De soldaten fan de Spaanske kening hienen ommers syn stêd Dokkum platbaarnd, septimber 1572. En syn mem, syn iennichste famylje, hie it net oerlibbe. Sipke hie him oer dy wyldeman ûntferme. Hy wist mar al te goed hoe't Tamme him fielde. En no binne se maten. Bloedbruorren sels. Mar op guon dagen koe Sipke syn bloed likegoed wol drinke. En hjoed koe wolris sa'n dei wurde.



'Hy komt deroan. De kolonel komt deroan!' De rotmaster, de baas fan harren ploechje fan 25 wurklju, sjit oerein by it hearren fan dy gjalp. Tamme lit de kroade wer los en ballet syn fûsten. De kolonel, dat is stedhâlder Caspar de Robles. Hy is hear en master yn Fryslân, Grinslân en Drinte, út namme fan de Spaanske kening Filips. De Robles hat gjin maklike baan, want it is al jierren oarloch. De befolking is yn opstân. Ek yn dizze streken. 'Dy swarte duvel. Ik hoopje dat er ticht genôch by my komt. Dan sil ik him syn harsens ynslaan foar wat er yn Dokkum dien hat.' 'Tamme, hâld dy yn. Do einigest nochris oan de galge ast sa trochgiest.' 'As ik him meinimme kin yn myn grêf, dan jout my dat neat', snaut Tamme, dy't mei fjoer yn 'e eagen nei de Swarte Kolonel sjocht. Alwer stoer praat, mar wol hiel gefaarlik stoer praat. En Sipke is it der ek net mei iens. Oer Caspar de Robles hawwe Sipke en Tamme geregeld spul. Oant fjochtsjen ta. Want foar Sipke is de kolonel in held. Hy wit alles noch wol fan dy stoarm, 1 novimber 1570. Hoe't it sâlte wetter de fette greiden derûnder spiede, omdat de seediken al jierren net goed ûnder-

hâlden waarden. Hoe't heit moarns fuortfoer yn it ienige lytse boatsje dat se hienen, wylst Sipke op de souder stie. Under him seach er it wetter, dêr't de flier wêze moast. 'Do moatst bliuwe, do moatst foar mem en de oaren soargje, Sipke. Ik kom werom. Mei skjin wetter, mei iten.' De hiele dei en nacht sieten se dêr, op dy souder. En de noardwester joech gjin belies. Sa no en dan hearden se hoe't in part fan de pleats beswykte, mar se koenen gjin kant út. Sipke hie in gat makke yn it dak, sadat er fier om him hinne sjen koe. Mar al wa't er seach, gjin heit. Uteinlik wie it in skip fan de fijân, in skip mei Spaanske soldaten, dy't harren krekt op 'e tiid derwei hellen. De famylje wie noch mar amper op 'e pream doe't it barde. Mei in kreakjen dat Sipke nea ferjitte sil, stoarte it lêste part fan de pleats yn. It pún dreau samar fuort yn de rûzige weagen. Lykas hie de pleats, alles wat Sipke koe, der nea west. It wie Caspar de Robles dy't de soldaten stjoerd hie om safolle mooglik minsken te rêden. En it wie Caspar de Robles dy't syn mem in sulverstik joech doe't er nei in pear dagen de slachtoffers besocht. En dus koe Sipke der





EK NEIDAT DE DIKEN FERSTERKE WIENEN, WIE IT NOCH NET ECHT FEILICH. DIZZE KAART LIT SVEN HOE'T FRYSLÂN DER LETTER LIKEGOED WER ÜNDER STRÛPTE.

min oer as Tamme wer ris fan wâl stuts oer dy 'swarte duvel'. Dy duvel hie wol syn famylje rêden.

De Swarte Kolonel hat in goed sin, sjocht Sipke. It is mar in lyts mantsje, mar dat makket syn mânske striidhynder mear as goed. De kapitein rint senuweflich om de kolonel hinne. Hy wiist nei de lêste stikken dy't syn trijehûndert man oanlein hawwe. Der binne alve kapiteins en elts hawwe sy in 'perseel' fan dizze dyk yn behear. Net ien fan de kapiteins wol de traachste wêze, fansels. Dus dat betsjut hurd wurkje foar alle 11 x 300 arbeiders. Tamme en Sipke stean ûnder oan de dyk, dat de hege hearen kinne Tammes driigjen net hearre. Gelokkich mar.

'... en dan stek ik him dea, mei dat bespotlike swurdsje fan him. En dan...'  
 'Tamme, hâld dy de bek. Hie dy man der net west, dan sieten binnendyksters en bûtendyksters hjir noch altyd te harsenskrabjen, wylst it wetter troch de gatten yn de dyk nei binnen streame soe. Us Friezen is it fjirtich jier lang net slagge om ôfspraken te meitsjen oer it ûnderhâld fan de diken. En dizze man hie it samar klear.'  
 'Hie dy man der net west, dan siet ik noch yn Dokkum. **DE SKOFT!**

Oei, dat wie te hurd. Op de krún fan 'e dyk is it stil wurden. Eltsenien sjocht nei Sipke en Tamme. De rotmaster draaft mei in reade holle harren kant út, de stôk al yn 'e hân. Mar

dan klinkt der in koart befel. It is de kolonel sels. Hy winkt de beide freonen omheech. 'Hast no dyn sin, omkoal?', flûsteret Sipke, wylst se by de dyk op klauwe. Ien kear boppe sjocht Tamme de kolonel rjocht yn 'e eagen. Sipke doart dat net. 'Wat is dyn namme?', freget De Robles oan Tamme. 'Tamme fan Dokkum.' Hy seit it lêste krekt wat lûder as nedich. De kolonel knypt syn eagen wat ta, as besiket er syn gedachten te lêzen. 'Do wiest yn Dokkum mei de brân?' Tamme knikt en hâldt de blik fan dy machtige man fêst. Sipke doart net iens te sykheljen. De Robles suchtet. 'Wat dêr bard is... dat hie net moatten. Hjir.' In sulveren munt fljocht troch de loft. Tamme fangt him yn in refleks. Foardat er wat sizze kin, jout De Robles syn hynder in triuwke mei de hakken. En fuort is er wer. Op nei it folgjende perseel.

Tamme stoarret ferbjustere nei de munt. De holle fan de Spaanske kening glinsteret yn de sinne. Sa'n kaptaal hat er yn jierren net hân. In glimke spilet him om 'e mûle. Dan sjocht er Sipke oan en syn blik ferhurdet. 'Bloedjild.' Mar dochs stekt Tamme de munt fluch yn 'e bûse. Sipke laket lûd. 'Jou it no mar ta, jonge. Dy duvel fan dy hat ek in goede kant.'

## Gefaar fan wetter!

Op 3 febrewaris wie hast it hiele Suderseegebiet tsjôge fan in enoarme stoarmfloed. In krêftige wyn it 't noardwesten yn kombinaasje mei springtjij stuwde it wetter yn de Sudersee op. It wetterpeil wie dêrtroch folle heger as normaal. De wetterkearing koe it net mear hâlde en in grut part fan Fryslân kaam ûnder wetter te stean. De Sudersee wie wichtich foar de hannel en de skipfeart, mar waard ek besjoen as in konstante driging. Do kinst wol begripe dat der in oplossing komme moast om dizze binnensee yn bedwang hâlde te kinnen. It hat noch mear as 100 jier duorre foardat úteinlik de ôfslútdyk der kommen is!



OP 3 FEBREWARIS 1825 WURDT FRYSLÂN TEISTERE TROCH IN HURDE NOARDWESTER STOARM MEI SPRINGFLOED. OAN DE HELE SUDERSEEKUST BREKKE DIKEN TROCH, LYKAS BY DE LEMMER: DÊR HÂLDE FOUWER DIKEN IT NET.